

Lytse poppe

*lytse poppe, op 'e grutte wrâld
wat is der foar dy weilein, wat fynsto op dyn wei
wurdsto lokkich, soargeleas en âld
of fierst in hurde striid om dyn bestean fan eltse dei
dyn takomst kinst net altyd kieze
kinst winne, mar likegoed ferlieze
no mar hoopje dat der immen fan dy hâldt
lytse poppe op 'e grutte wrâld*

D-Fism-Bm-D7
G –B7 – E7–A7
D-Fism-Bm-D7
G –B7 – E7-A7
G – Em – A7
D–Fis7-Bm-D7
G –B7 –E7 –A7
D – A7 - D

*wêr seachst it earste ljocht op dizze ierde
yn Afrika, yn Sjina of de States
wat kinne heit en mem dy sa al biede
bin se ryk, ferslav' oan drugs of ha se aids
krijsto noch de romte om te boartsjen en te dwaan
of moatsto fuort oan 't wurk yn in ûnбетelle baan
rekkest yn 'e ban fan it grutte kapitaal
of blaast dysels mei springstof op foar in hillich ideaal*

D-Fism-Bm-D7
G – D – E7 –A7
D-Fism-Bm-D7
G – E7 - A7
G – D – A7 - D
E7 - A7
G – D – A7 - D
E7 - A7

kearsang:

*of stiet dyn widze faaks op Keimpetille
en is foar dy de wrâld noch te oersjen
jout dy dan it keatsen echt noch wille
en learsto anst it frysk ek oan dyn bern
bisto yn 'e simmer op in buorkerij yn 't spier
of bousto dan op Skylge in fakânsjehûs fan bier
wurdsto braaf troch heit en mem noch nei de disko brocht
of fljochsto mei dyn riidbewiis gigantysk út 'e bocht*

kearsang:

*do moatst oan dy miljoenen minsken wenne
dy't sizze: dit mei net en dat mei wol
en hyltyd wurd' der nije poppen berne
en klinkt oeral de rop: de wrâld is fol!
fol mei argewaasje fol protesten, fol gesucht
wy geane nei de bliksem: smoarge ruften, smoarge lucht!
hyltyd mear ferwiten, hyltyd minder faak begrip
in wrâld fol striid en oarloch om de lêste oaljedrip*

kearsang: